

FRYSLAN-A EKSAMEN

26 septimber 2015

I Tekstbegryp, taaleigen-, ynterferinsje- en oersetopdrachten

(60 min.)

Yn dizze brief (ynkoarte en oanpasse) komt Tsjil mei de einevaluaasje fan de nij opsette sutelaksje. It Fryske Boek hâlde dêr (mei Fryske boeken yn 'e kroade by de doarren lâns) yn 2009 mei op.

- 5 Op 9 novimber 2013 organisearren wy in sutelpilot yn Bitgum-Bitgummole-Ingelum. Dêr kaam sa'n soad positive reaksje op en enerzjy by frij dat it net oars koe as dat in ferfolch te jaan. Sadwaande rjochten wy de stichting Tsjil op, dy't mei stipe fan de provinsje Fryslân yn 2014 in gruttere pilot organisearre. Wie it doel om tsien doarpen te besuteljen, troch spontane oanmeldingen groeide dat tal út ta in foech tweintich. Yn trochsneed kin steld wurde dat mei in
- 10 ploech fan sa'n 25-30 sutelers yn in pear oeren tiid tûzen adressen besutele wurde kinne, wêrby't de omset yn 'e rûchte om de twatûzen euro hinne sit.
- It format dat de ferieningen of oare partijen dy't it suteljen yn de doarpen organisearje 25% fan dy opbringst krije blik goed oan te slaan. Dêrmei is foar de twadde kear oantoand dat suteljen perfoarst net út 'e tiid is. Foar it bestjoer wie 2014 in bannich jier. Te bannich. Wurk is
- 15 net altyd yn tiid út te drukken en noch minder yn jild. As de petearen oan de itenstafel te faak oer saken anneks mei suteljen geane, dan is der sprake fan ûnferantwurde oerbelêsting.
- Wy hawwe as bestjoer fêststeld dat wy net allinnich tsjin ús eigen grinzen oan rûn binne, mar dêr ek oerhinne gien binne. Dêrom ha wy miend by de provinsje oanjaan te moatten dat in werhelling fan sa't it yn 2014 gien is foar ús net mooglik is. Om it suteljen substansjeel en
- 20 struktureel syn gerak te jaan binne op syn minst twa folsleine fte's nedich. It bedrach dat dêr oan leankosten by heart, kin elk foar himsels betinke.
- Der is op it stuit gjin sicht op dat dat jild, nettsjinsteande de koöperative en konstruktive hâlding fan de provinsje, op koarte termyn beskikber komt. Sadwaande soe stichting Tsjil yn alle gefallen 2015 'sliepend' troch sjen moatte te kommen. Dat leit net yn ús aard. Mei troch de
- 25 ferskillende motivaasje fan de yndividuele bestjoersleden hawwe wy dêrom mei pine yn it hert, mar wol mei de wittenskip dat in kearmannich oantoand is dat it format sa't wy dat brûkt hawwe wurket, besletten om de stichting op te doeken.

Wy sizze elkenien dy't it suteljen mei mooglik makke hat tige tank foar de meiwurking.

TEKSTBEGRYP

A. Lês de tekst goed troch en beäntwurdzje de fragen yn it Frysk yn folsleine sinnen. Mei-inoar kinne 24 punten helle wurde.

- Wêrom waard de stichting Tsjil oprjochte? (1 punt)
 - Hoefolle sutelaksjes hat de stichting Tsjil organisearre? (1 punt)
- Wat betsjut it wurd 'suteljen'? (2 punten)
- Wannear en wêr waard de earste sutelaksje (sutelpilot) hâlden? (1 punt)
 - Wat lêze wy oer de resultaten fan dy pilot? (1 punt)
- Waard by de sutelaksje fan 2014 oan it doel fêsthâlden? (1 punt)
 - Wat is nedich om in omset fan sa'n 2000 euro te heljen? (2 punten)
- Wat hâlde it betochte format yn? (1 punt)
 - Sloech dat format al of net goed oan? (1 punt)
- Wat seit it bestjoer oer dy sutelaksje as se nei harren eigen funksjonearjen sjogge? (1 punt)
 - Wat joech de trochslach as it giet om trochgean of ophâlden? (2 punten)

7. a. Wat soe der barre moatte om yn 2015 ek wer in sutelaksje hâlde te kinnen? (1 punt)
b. Hâldt it bestjoer dat foar mooglik? (1 punt)
8. a. Wat soe it bestjoer yn 2015 dwaan moatte en binne se dat fan doel? (2 punten)
b. Wat dogge se wol? (1 punt)
9. Tinke de bestjoersleden gelyk as se it finale beslút nimme? Wat wurdt dêroer sein yn dizze brief? (2 punten)
10. a. Wat hawwe de skriuwers fan dizze brief mei dizze hiele gong fan saken oantoand? (1 punt)
b. Kin sa'n sutelaksje no al of net hâlden wurde en wat moat der dan al of net barre? (2 punten)

TAALEIGEN

B. Jou mei eigen wurden de betsjutting of omskriuwing fan ûndersteande wurden út de tekst. Mei-inoar 20 punten.

- | | | |
|--------------------------------------|-------------------------------|--------------------|
| 1. stipe (r. 7) | 5. bliek oan te slaan (r. 13) | 9. stuit (r. 22) |
| 2. in foech (r. 9) | 6. perfoarst (r. 14) | 10. leit net yn ús |
| 3. yn trochsneed (r. 9) | 7. bannich (r. 14) | aard (r. 24) |
| 4. om de twatûzen euro hinne (r. 11) | 8. syn gerak jaan (r. 20) | |

*C. Meitsje de sin folslein mei ien fan de beide wurden tusken heakjes. Skriuw **allinne** it goede wurd op. Mei-inoar 20 punten.*

1. De twa dagen dat wy yn ús doarp (merk, merke) hiene, betsjutten ien grut feest.
2. Bern (weagje, weage) har wol op it iis, as it noch mar krekt ferzen hat.
3. Dy smertlape seach der slim (bloedich, bluodderich) út.
4. Op fakânsje hawwe wy eins allinne mar (snústerich, suterich) waar hân.
5. Ik wit net oft ik it noch (faak, faaks) sizze moat.
6. Dat famke mei dat (lichte, ljochte) hier krige alle oandacht.
7. De trein kaam oanriden, de (bomen, beammen) gongen al del, dat wy moasten wachtsje.
8. De tolve bern fan groep acht praten ôf om de middeis (tegearre, mei-inoar) op it plein te boartsjen.
9. Ik haw de hiele lange jûn dreech oan myn skripsje (wurke, arbeide).
10. Ik fyn it hiel ferfelend datsto dyn kaai wer (ferlern, weibrocht) hast.

D. Jou it meartal en it ferlyttingswurd fan ûndersteande haadwurden. Mei-inoar 20 punten.

- | | | | | |
|---------|----------|---------|-----------|------------|
| 1. hân | 3. boerd | 5. mûs | 7. doaze | 9. skema |
| 2. sang | 4. laam | 6. each | 8. finger | 10. boaiem |

OERSETOPDRACHT

E. Set de neikommende sinnen oer yn geef Frysk. Mei-inoar 15 punten.

1. Ik dacht 's morgens steeds maar dat mijn vader het ons die dag wel zou vertellen.
2. Het doosje van de bureu, waarin veel geld zat, was gestolen.
3. Veel mensen zijn bang voor onweer, eerst voor de bliksem en dan voor de donder.
4. In de vakantie logeer ik altijd graag bij mijn opa en oma in Joure.
5. Men zegt dat de vakantie die wij geboekt hebben helaas niet doorgaat.

YNTERFERINSJES

F. Meitsje geef Frysk fan ûndersteande sinnen. Ien punt foar elke goede ferbettering.

1. De dokter joech it sike bern toch mar yts tsjin de koarts.
2. Fanút it gebou sjogge wy de beammen fan it bosk bijna net stean.
3. Wat dat betreft hasto folgens my seker wol wer gelyk.
4. Jammergenôch koe it toen net tsjinoer de tsjerke op dy wachtsje.
5. De beide bern hiene foar hjoed mei-inoar folle plannen makke.